

Wenje yn Reduzum, no en yn de takomst

Yn Reduzum wenjen bliuwe, wylst dyn wenwinsken feroarje of nei Reduzum ferfarre. Hokker kânsen biedt de wenningmerk yn Reduzum en hoe kinne wy ynspylje op de wentrends fan 'e takomst? Dy ûnderfiningen en fraachstikken binne de basis fan de Redúster wenfyzje.

Wenje wolle yn Reduzum en hjir ek bliuwe kinne is yn it foarste plak ôfhinklik fan de beskikberens fan gaadlike hier- en keapwenningen. Mar njonken de oanwêzigens fan wenten spylje ferskillende oare faktoaren in grutte rol by de wenwinsken en -behoeften. Tink oan de oanwêzigheid fan fasiliteiten, sosjale kontakten, soarch en ferfiersmooglikheden. It haadstik "Wenje" rjochtet him benammen op de beskikbere gaadlike wenten yn Reduzum, wenbehoeften fan Redústers en de kânsen foar de takomst.

De Redúster wenfyzje is it resultaat fan ferskate ûndersiken en bysûndere inisjativen út de omkriten wei. Feiten en kânsen binne bondele om de Redúster wenningmerk takomstbestindich te meitsjen. Lanlik en provinsjaal húsfêstingsbelied is in sterke bepalende faktor yn de mooglike ûntjouwingen yn in doarp as Reduzum. De oerheden en de wenningkorporaasje jouwe oan dat der krimp wêze soe, mar yn Reduzum is dat net sa. Wol binne der minder minsken per wenning en stagnearret de trochstream omdat der te min begjanners- en âldereinwenningen binne. By it ta stân kommen fan dizze wenfyzje is dit belied goed besjoen om út te finen hokker kânsen dit biedt en op hokker punten Reduzum belied beynfloedzje moatte soe. Dêrneist binne ûnderfiningen, winsken en ferlet fan de Redústers ynventarisearre fia keukentafelpetearen en it wenûndersyk (2016/2017). Om de wenfyzje folslein te meitsjen binne kreative ideeën út de omkriten neier besjoen, sa as lytse húskes (tiny houses), Kollektyf Partikulier Opdrachtjouwerskip (KPO) en libbensrinbestindige wenten.

Utgangspunt is dat wy yn dizze wenfyzje Reduzum net op slot sette moatte, troch inkeld en allinne omtinken foar nijbou yn de foarm fan útwreiding fan it doarp. Der binne tal fan oare inisjativen dy't kânsen biede foar de wenbehoeften, sa as ynpasse en proaktyf ynspylje op de tsjinstferliening fan wenningkoperaasje Elkien. Dy ûnderwerpen wurde yn de wenfyzje neier taljochte, lyk as ek in fyzje op nijbou organisearre troch KPO. Uteinlik hat dizze wenfyzje it doel foar eagen om yn Reduzum in plak te jaan oan minsken mei allerhanne wenbehoeften, fan starters oant húshâldingen en âldere minsken mei spesifike soarchbehoeften. Troch yn te spyljen op de feroarjende wrâld fan folkshúsfêsting kin der foar soarge wurde dat Reduzum in oantreklik en tagonklik wenplak bliuwt en dat minsken net hoege te ferhúzjen nei in oare stêd of in oar doarp. Fan krimp is yn Reduzum noch gjin sprake, dit yn tsjinstelling ta oanbuorjende doarpen.

Besteande wenningfoarried

Der wiene yn 2019 sa'n 485 wenningen yn Reduzum, dy't ferdield wurde kinne yn twa soarten:

- wenten yn partikulier besit
- wenten yn besit fan de wenningkorporaasje

Yn Reduzum is 79% fan de wenten yn partikulier besit. Fan dizze wenten wurdt 7% (34) partikulier ferhierd. Der binne yn Reduzum 102 wenningen (21%) dy't ferhierd wurde troch de wenningkorporaasje. Elkien is fan betinken dat it oanbod net mear past by de wenwinsk yn Reduzum (tefolle gesinswenningen) en it tal hierwenten sil dan ek minder wurde. Hoe't it barre sil is noch net dúdlik, mar der sille wenten ferkocht en ôfbrutsen wurde. Yn de keukentafelpetearen is ferskate kearen opmurken dat der gjin hierwenten binne foar de jongerein en dat der gjin leeftiidsbestindige

wenten beskikber binne. Binne dy der wol, dan wurde hjir meastentiids minsken fan bûten it doarp ynset. De oarsaak dêrfan is dat ús jongerein en âlderein faak net ynskreaun stean by de wenningkorporaasje. Hjirby wolle wy alle Redústers fan 18 jier en âlder oproppe om har yn te skriuwen by de wenningkorporaasje om sa boppe-oan de belangstellingslist te kommen. It kostet neat en jout gjin ferplichtingen!

Nije kânsen

Njonken it brûken fan de besteande wenningfoarried yn Reduzum, binne der ferskillende kânsrike mooglikheden ûndersocht om hjir nije wenningen te krijen. Nije kânsen foar sawol keap- as hierwenten, sawol yn it doarp as oan de râne fan it doarp. De kânsen sjogge der sa út.

Ynpasse

By ynpasse wurde nije wenten realisearre binnen de beboude doarpsgrinzen. It besteande hûs wurdt sloopt, bygelyks omdat it net mear op effisjinte wize by de tiid brocht wurde kin. It nije hûs dat op deselde lokaasje komt, hoecht net beslist itselde te wêzen as it âlde hûs. Sa kin der yn stee fan twa wenten ien hûs boud wurde en kin der yn plak fan hierwenten ien of mear keapwenningen werom komme. Fan belang dêrby is de beskikberens fan in wenningkontingint foar it doarp en de maatskiplike balâns tusken hier- en keapwenningen mei net út it each ferlern wurde. By ynpasse kin ek tocht wurde oan lytse húskes (tiny houses), dêr't effisjint en duorsum wenromte foar jongerein en/of âlderen makke wurde kin. Lytse húskes kinne ek in opsje wêze by útwreiding of KPO.

Utwreiding oan de râne fan it doarp

By útwreiding giet it oer nijbou binnen de geografyske doarpsgrinzen, mar op in lokaasje bûten de besteande bebouwing. De mooglikheden hjirfoar binne foar in grut part ôfhinklik fan lokaal of regionaal belied. Dit wenningbubelied is derop rjochte om it tal nijbouprojekten yn de regio te regulearjen. Fan belang is dat Doarpsbelang Reduzum ynfloed útoefenje kin op it belied troch oan te toanen dat fan útwreiding dúdlik ferlet is.

Kollektyf Partikulier Opdrachtjouwerskip (KPO)

Ien fan de mooglikheden om nije wenningen te krijen is om fan ûnderop de befolking in plan te ûntwikkeljen, in saneamde KPO. Yn 'e regio binne in tal foarbylden fan útwreidingen troch middel fan in KPO. Yn in KPO kin yn prinsipe elke Redúster, mei syn takomstige buorlju, syn eigen wenning ûntwikkelje en it hûs bouwe dat er wol. By in KPO binne de takomstige bewenners sels projektûntwikkeler en yn it hiele ûntwikkel- en boutrajekt, organisearre yn in feriening, ferantwurdlik foar it proses. Mei achtslaan op jildend gemeentlik belied nimme de bewenners sels de beslissingen oer de útwreiding.

Soarch en wenje

Minsken tinke hieltyd faker nei oer de wize fan âlder wurden. De âlderein wurdt achte hieltyd langer selsstannich thús wenjen te bliuwen en dat past ek by de winsken fan de minsken sels. De âlderein jout de foarkar oan wenjen op fertroude grûn. Mar net elke wenning is geskikt om oan te passen oan de feroarjende wenwinsken. Dêrnjonken hawwe de Fryske doarpen te krijen mei 'leechrin', wêrby't minder foarsjenningen yn it doarp oanwêzich bliuwe. Dizze faktoaren kinne it thús wenjen dreech meitsje en op de lange termyn sil men ek aspekten misse, lykas fitaal bliuwe, ûnbesoarge wêze, feiligens en selskip. It wenûndersyk yn Reduzum lit sjen dat de âlderein hjir graach wenjen bliuwe wol, mar dat der soargen binne oer it gebrek oan genôch gaadlike wenten, stipe en fasiliteiten. Om derfoar te soargjen dat Reduzum in doarp foar elkenien bliuwt en de âlderein yn Reduzum wenjen bliuwe kin, is in yntegrale oanpak nedich. In ynteressante mooglikheid om oan dizze behoefte te foldwaan, is it kreëarjen fan in multyfunksjonele wenfoarm mei geskikte wenromte. Sa'n leeffoarm

kin bestean út libbensrinbestindige apparteminten, oanfolle mei in mienskiplike romte om te moetsjen, te iten en te bewegen. In hieltyd faker foarkommende wenoplossing is it útwreidzjen fan dizze wenfoarm mei in kombinaasje fan âlderen en jongeren. Dizze wenfoarm kin op ferskate wizen ta stân komme: troch middel fan KPO, as ûnderdiel fan in besteande fransjizeformule of yn behear fan in doarpskorporaasje. Reduzum hat meardere geskikte lokaasjes (ynpasse), mar ek nijbou is mooglik (útwreiding).

Doarpskorporaasje

Om mear greep te krijen op de hiersituaasje yn it doarp, kin tocht wurde oan it opsetten fan in eigen wenningkorporaasje, yn de foarm fan in feriening. Sa wurdt it doarp minder ôfhinklik fan de merk. De doarpskorporaasje beheart in tal wenningen, dy't bygelyks fan Elkien oernommen wurde kinne. Foardiel dêrfan is dat Reduzum in eigen wenideaal ta stân bringe kin; de feriening hat dan it behear oer de wenningen, buert of strjitte en kosten. It ûnderhâld kin yn eigen doarp behâlden bliuwe, wat ek foar wurkelegenheid soarget. Foar de finansiering fan in eigen doarpskorporaasje kin tocht wurde oan mienskipsstipe, fergelykber mei dy foar de doarpsmûne.

Plannen en aksjepunten:

- De jongerein fan 18 jier ôf en âlderen mei in feroarjende wenbehoefte, foarljochting jaan oer it belang fan ynskriuwe by de wenningkorporaasje
- Mooglikheden ynpasse ûndersykje
- Mooglikheden útwreiding en KPO (kollektyf partikulier opdrachtjouwerskip) ûndersykje
- Mooglikheden libbensrinbestindich wenjen ûndersykje.
- Mooglikheden ûndersykje foar lytse húskes 'tiny houses'
- Helberheidsûndersyk opsette om de bedriuwsfiering eigen wenningkorporaasje te ûndersykjen
- Oerlis mei de gemeente om wenkontingint te krijen